

Jieroersjoch 2020-2021

Wa't de notulen by bepaalde ûnderwerpen ynsjen wol, kin kontakt opnimme mei it bestjoer.

12 desimber 2020 – Oerlis mei de Provinsje

Oerlis mei Marrit van Veen en Ineke Rienks (no fêst kontakt Esther Rodenhuis) oer ús subsydzje-oanfraach, praten fierder oer de subsydzjeregelingen foar Fryske literatuer en de relaasje fan de Provinsje mei City of Literature.

18 desimber 2020 - Bestjoersgearkomste

It bestjoer bepraat de rinnende saken, lykas de Provinsjale subsydzjeoanfraach.

11 jannewaris 2021 – Bestjoersgearkomste

It bestjoer bepraat de rinnende saken, lykas dat Jelle Bangma foar ús yn it bestjoer fan it EBLT komme sil en Transpoesie.

15 jannewaris 2021 – Provinsjaal petear Literêr Fjild

De earste fan in searje petearen mei it Literêr Fjild oer tûkelteammen fan de Fryske literatuer.

8 febrewaris – Bestjoersgearkomste

It bestjoer bepraat de rinnende saken, lykas operaasje 'Ledelist up-to-date', frijwilligersfergoeding foar it bestjoer en ferheging fan de kontribúsje.

8 maart – Bestjoersgearkomste

It bestjoer bepraat de rinnende saken, lykas de begrutting en de oankommende ALG.

13 maart – Transpoesie op Omrop Fryslân

Ammerins Moss jout útlis oer it Transpoesie festival en oproppen ta partisipaasje.

29 maart 2021 – Provinsjaal petear Literêr Fjild

In Provinsjaal oerlis mei ferskate partijen út it literêr fjild. Gong dizze kear benammen oer de rol fan City of Literature. Utlis fan Ernst Bruinsma oer dit ûnderwerp. Nei de twa petearen hat de Provinsje dit inisjatyf ôfsletten.

29 maart 2021 – Oerlis mei City of Literature

Pier Boorsma naam diel oan in oerlis fan de klankboerdgroep fan City of Literature. Fanwege koroana is hjir gjin ferfolch op kaam.

8 april 2021 Petear mei Ernst Bruinsma – Boeken fan Fryslân en Afûk

Petear mei Ernst oer ferskate saken foar de promoasje fan it Fryske boek, lykas de Sutelaksje, de Fryske Boekewike en de aktiviteiten fan Boeken fan Fryslân.

12 april 2021 – Bestjoersgearkomste

It bestjoer bepraat de rinnende saken, lykas de oankommende ALG en de negative reaksje fan Tresoar om ús administraasje oer te nimmen.

17 april 2021 – Algemiene ledegearkomste

Algemiene ledegearkomste wurdt digitaal holden fia Zoom fanwege koroana. De gearkomste stimt yn mei de kontribúsjeferheging en de frijwilligersfergoeding foar bestjoersleden. Ernst Bruinsma fertelt oer de aktiviteiten fan City of Literature.

17 maaie 2021 – Bestjoersgearkomste

It bestjoer bepraat de rinnende saken, lykas ús earste stappen oangeande de PC Hooftpriis en it Frysk, de lede-administraasje update en de fuortgong fan it opsetten fan in Hylkje Goingapriis.

20 maaie – Oerlis mei de Provinsje

Pier en Willem ha oerlis mei Esther Rodenhuis op it Provinsjehûs. Mei har praten oer de posysje fan de Fryske skriuwerij, en oer de needsaak fan it ferheegjen fan ús subsydzje, en it ferbetterjen fan de promoasje fan de Fryske literatuer.

31 maaie 2021 – Utdielen Nearnewâld

It bestjoer (en leraren) diele it jubileumboek Nearnewâld út oan studinten dy't eksamen Frysk dogge yn it foartset ûnderwiis.

16 juny 2021 – Bestjoersgearkomste

It bestjoer bepraat de rinnende saken, lykas fraach fan RIXT om stipe (wolle harren aktiviteiten wol promoate, mar we kinne har finansjeel en organisatoarysk net stypje), it hâlden fan in skriuwerswykein

3 july 2021 – Literêre kuier troch Feanwâlden

Under lieding fan Douwe Kootstra rinne we troch de literêre skiednis fan Feanwâlden. Der wurdt in hapke iten by de Skierstins. Foto's stean op de webside.

14 septimber 2021 - Bestjoersgearkomste

It bestjoer bepraat de rinnende saken, lykas it de Provinsjale subysdzje-oanfraach, de lede-administraasje, de oankommende ALG, it Skriuwerswykein en oersetten fan Brian McGilloway's *The Last Crossing*.

29 septimber 2021 – Oerlis mei de Provinsje

Willem Verf en Ammerins Moss-de Boer ha mei Esther Rodenhuis fan de Provinsje praten oer it Skriuwerswykein en subysdzjes.

30 septimber 2021 – Petear mei Ernst Bruinsma

Willem Verf en Ammerins Moss-de Boer ha mei Ernst praten oer de oankommende aktiviteiten fan Boeken fan Fryslân.

11 oktober 2021 – Oerlis mei de Provinsje

Willem Verf en Ammerins Moss-de Boer ha praten mei Esther Rodenhuis, Harmen Akerboom en Trea Bijker oer it Skriuwerswykein, boekjerssubysdzje foar 2022 en de PC Hooftpriis.

11 oktober 2021 – Bestjoersgearkomste

It bestjoer bepraat de rinnende saken, lykas Transpoesie, it Skriuwerswykein, oerlizen mei City of Literature.

14 oktober 2021 – Transpoesie

Cornelis van der Wal treedt op it Transpoesie festival op yn Brussel. Hy dielde it podium fan de biblioteek Muntpunt mei fiif oare dichters út hiel Europa: Being Bergsson fan de Faroe Eilannen, Kārlis Vērdiņš út Litouwen, Rita Kogan út Israel, Ondřej Macl út Tsjechië en Radu Bata út Roemenië.

16 oktober 2021 – Rôze Snein

Willem Verf wie by de presintaasje fan de blomlêzing 'Do draachst de leafde oan', Literatuer fan Fryslân troch in rôze bril / Jij draagt de liefde aan, Literatuur van Friesland door een roze bril' yn Tresoar.

22 oktober 2021 – Rede fan Fryslân

Willem Verf wie oanwêzich by de jierlikse Rede fan Fryslân. De rede wie frij kontroversjeel.

21 oktober 2021 – Petear mei Ernst Bruinsma

Der is Ammerins Moss-de Boer en Willem Verf mei Ernst praten oer stipe fan City of Literature foar ús oersetting fan Brian McGilloway, de Sutelaksje, draaikasten fan Boeken fan Fryslân yn de Van der Velde yn Dokkum en supermerken.

1 novimber 2021 – Oerlis mei Fryske Akademy

Willem Verf en Ammerins Moss-de Boer ha praten mei Jelske Dijkstra en de nije direkteur, Nelleke IJsenagger, fan de Akademy. Underwerpen fan diskusje wie, ûnder oaren, de ferbettering fan it ûndersyk nei it Frysk en de posysje fan skriuwers/dichters binnen de maatskippij.

1 en 5 novimber 2021 – Aktiviteiten Gysbert Japicxpriis wike

André Looijenga wie de moandeis oanwêzich op de literêre jûn mei optredens fan Raymond Muller, Arjan Hut en Wiebe Kaspers. Willem Verf en Ammerins Moss-de Boer wie de freedse oanwêzich op in aktiviteit organisearre troch Explore the North and RIXT yn de Westertsjerke yn Ljouwert.

9 novimber 2021 – Bestjoersgearkomste

It bestjoer bepraat de rinnende saken, lykas de oankommende ALG, de Gysbert Japicxpriis, de PC Hoofpriis, en ús relaasje mei Tresoar. Fierders makket it bestjoer kennis mei Jan Woudstra, kandidaat om it ponghâlderskip fan André Looijenga oer te nimmen.

12 novimber 2021 – Ofskie Dichter fan Fryslân

Willem Verf en Trevor Scarse binne oanwêzich by it ôfskie fan Nyk de Vries en de bekendmaking fan Sigrid Kingma as de nije Dichter fan Fryslân. Nyk de Vries en Sigrid Kingma krigen in blomke fan it bestjoer.

25 novimber 2021 – Algemiene ledegearkomste fan it Skriuwersboun

Ferskate ûnderwerpen waarden bepraat, lykas wiziging yn it karbrief, in debat oer Skriuwersboun/Skriuwersbûn, in wurkgroep Honoraria en it Skriuwerswykein. As ôfsluter fertelde Baukje Zijlstra wat mear oer de mooglikheden en ynhâld fan in Fryske Skriuwersfakskoalle yn it ferlingde fan de besteande kursussen jûn troch Tresoar en de Schrijversvakschool yn Ljouwert.

10 desimber 2021 – Oerlis mei it bestjoer fan de PC Hooftpriis

Willem Verf en Ammerins Moss-de Boer ha koart praten mei it bestjoer oer de posysje fan it Frysk yn de sjuerygearstalling.

18 desimber 2021 – Bestjoersgearkomste

It bestjoer kaam gear yn Rinsumageast om te praten oer it ferskoben fan it Skriuwerswykein, PC Hooftpriis en de frijwilligersfergoeding. It bestjoer nimt kennis mei Reina Smeink-Kroodsma as kandidaatbestjoerslid. Fierders wurdt André Looijenga tanke foar syn ponghâlderskip en tiid as bestjoerslid.

Ynkommen stikken

8 desimber – Mail fan Goffe Jensma mei de fraach oft wy ek kommentaar jaan woene op de opset fan in nij op te setten Master Frisistyk.

8 maart 2021 – Brief fan de Provinsje mei útlis oer it budzjet foar City of Literature.

18 maart 2021 – Mail fan Edwin de Groot út namme fan RIXT oer it opnij opsetten fan it Literêr Sirkwy

23 maart 2021 – Befêstiging fan ús oanmelding foar it Transpoesie festival

8 april 2021 – Mail fan Lysbert Bonnema mei de fraach oft wy ideeën ha foar aktiviteiten rûn de útrikking fan de Gysbert Japicxpriis.

19 maaie 2021 – Brief fan de Gemeente Ljouwert yn reaksje op ús soargen oer de Rely Jorritsmapriis.

6 july 2021 – Brief fan de sekretaris fan it PC Hooftpriis mei in posityf andert op in petear mei ús bestjoer oer de posysje fan it Frysk yn de beoardieling fan de priiswinners.

15 desimber 2021 – Brief fan it bestjoer fan de PC Hooftpriis mei in negative reaksje op de advizen dien troch ús bestjoer op har oerlis op 10 desimber.

Utgeande stikken

15 novimber 2020 – Brief oan Sietske Poepjes mei fragen oer hoe't it stiet mei de brief mei útlis oer it Provinsjaal budzjet foar City of Literature en wat de Provinsje dien hat nei oanlieding fan ús eardere petear oer de provinsjale subsydzjeregelingen.

17 novimber 2020 – Brief oan Goffe Jensma mei ús reaksje op it útstel foar in nije master Frisistyk.

12 maart 2021 – Oanmelding fan it Skriuwersboun om mei te dwaan oan it Transpoesie festival yn Brussel.

Parseberjocht nei de media mei de oprop foar dichters om mei te dwaan oan Transpoesie.

13 april 2021 – Brief nei Sybrand Buma en parseberjocht nei de media oer it funksjonearjen fan de Rely Jorritsmapriis binnen de gemeente Ljouwert.

29 april 2021 – Brief nei Tresoar oer in gearwurking op it mêd fan ús lede-administraasje tusken har en it Skriuwersboun.

30 april 2021 – Brief nei it FLMD mei fraach om stipe foar it fersprieden fan Nearnewâld oan eksamenstudinten Frysk.

20 maaie 2021 – Parseberjocht oer ús fersprieden fan it jubileumboek Nearnewâld oan eksamenstudinten Frysk.

1 juny 2021 – Brief oan de Gemeente Súdwest Fryslân mei ús reaksje op ôfketsen fan it opsetten fan in Hylkje Goingapriis yn gearwurking mei de gemeente.

16 juny 2021 – Oesdrip wurdt ferstjoerd oan alle leden.

19 juny 2021 – Brief oan it bestjoer fan de PC Hooftpriis oer it gebrek fan Fryske skriuwers en dichters yn de takenning fan de priis. Fraach om in petear.

17 oktober 2021 – Brief nei de Provinsje mei oanfollende ynformaasje foar ús subsydze-oanfraach.